




2  
0  
2  
0



LOKKICH NIJJER.  
 Lyts is ús lantsje, mar wiid is de romte.  
 Kostlik ús loffen, ús pleatsen en kij.  
 Swiid bin ús fjilden, biwoeksen mei blomte,  
 Dreech is ús aerd, as in Fries flink en frij,  
 Wêz dou krekt lyk sa, ik winskje 't fen herten  
 Stoer yn dyn dregens, dyn wêzen en dwaen;  
 Wit dy mei moed sa for 'n takomst to setten,  
 Dat scil dy sels en de wrald stipe jaen.

**Nijjer** - It nije jier is al wer in pear wiken ûnderweis mar dochs wolle wy fan de Histoaryske Kring Wâldsein jimme noch in Lokkich Nijjer tawinskje. Dat dogge wy mei in âlde nijjerskaart út de samling fan Jan J. de Vries (1938-2013) dy't wy hjirfoar brûke mochten. It is in nijjerskaart út it begjin fan de 20e ieu mei in moaie winsk yn âldFrysk. It sille de boer en syn frou wêze dy der mei hynder en sjees op út geane. De kaart is ôfstempele op 27 desimber 1923. Neffens boarnen soe de ôfbiilding op dizze kaart makke

wêze oan de strjitwei (Koufurderrige). En as wy de âlde kaarten der by helje, soe dat yndied wolris sa wêze kinne. De situaasje fan de pleats mei de poldermole oan de tochtsleat komt op dy âlde kaarten tige oerien mei it plak wêr't no Maatschap Oerlemans festige is. Yn 1923 wie dizze streek noch bekend as 'Dijken onder Woudsend'. Earst yn febrewaris 1951 kryg it de namme 'Koufurderrige'.